

[0898][Besprek]Koen Zondag, *Lange oanrin, koarte sprong. Twatalich ûnderwiis yn Fryslân tusken 1800 en 1980*. Ljouwert (2011), Fryske Akademy – Afûk, 272 pp. ISBN 978-90-6273-891-5.

It Frysk op 'e skoallen, sa hear ik nou faken,
 It Frysk op 'e skoallen, is ien fan dy saken
 Dy moatte der troch, hwent oars rint it ferkeard:
 Den hadde ús berntsjes hjar tael gau forleard.

Mei dat ferske fan J.J. Hof út 1901 begjint Koen Zondag, âld-meiwurker fan it Pedagogysk Advysbureau, syn boek oer it twatalich ûnderwiis yn Fryslân tusken 1800 en 1980. Yn 270 siden besprekt er it hiele fjild. It is in koherint histoarysk oersjoch wurden. Yn syn “Om te begjinnen” fertelt Zondag hoe't syn boek ûntstien is en ek hoe't er by dizze titel kaam. Dy is ûntliend oan it yn 1980 ferskynde boekje *Waar het oosten ophoudt, begint het westen: aforismen* fan de filosoof Cornelis Verhoeven. Ien fan dy aforismen is: “De aanloop is altijd groter dan de sprong”.

Eltsenien dy't fertroud is mei it plak dat it Frysk op ús hjoeddeiske skoallen yn-nimt, sil de folgjende útspraak út it begjin fan de njoggentjinde ieu net frjemd foarkomme: “Aan (...) alle onderwijzers ten platten lande, moet ik eenen anderen en allernoodzakelijksten raad geven, namelijk deze: om toch vooral in de scholen het vriesch boers niet te gedogen... Ik zeg vooraf, dat ik zelfs een Vries ben, en eene warme liefde voor mijn vaderland bezit, dat ik gaarne met de vaderlandsche deugden, ook onze vaderlandsche tongval wil behouden, en men verdenke mij dus niet, dat ik de vriesche tongval wil uitroeijen, neen! Die is te schoon, en het is jammer, dat men geene goede boeken, geschikt voor de jeugd, heeft, om dezelve zuiver te kunnen bewaren”. Dat skreau ien fan de skoalopsjenners yn de *Almanak voor het Lager Onderwijs en de Opvoeding, vooral in Friesland, voor het jaar 1816*. Mei as wichtichste argumint dat “de kinders de vriesch boersche taal van zelfs leeren zonder school te gaan, en ook dat zij, als koopman, handwerksman, schipper of wat van dien aard zij, met de Hollandsche taal zich moeten redden”. Mei oare wurden, wol foar it Frysk, mar net op skoalle. Mar fyftich jier letter konstatearre in haad fan de skoalle út Sint Jabik “dat in de Friesche dorpen het Nederlandsch een vreemde taal is, haast evenzeer als het dit is voor een kind van een Maleijer op Java”. De hâlding tsjin it Frysk en Nederlânsk oer hie blykber yn al dy jierren net in soad opsmiten foar de beide talen.

Dochs wienen der ek guonnen dy't grutte foarstanners wienen om it Frysk op de

skoallen oan te learen, lykas Wopke Eekhoff, dy't al yn 1836 skreau “dat niets het onderwijs meer bevorderlijk zoude zijn, dan wanneer men de kinderen onderwijst in de taal waarin zij denken, en hun de klanken leerde, welke zij spreken, terwijl zij nu met het leeren lezen te gelijk eene andere taal moeten leeren”. Waling Dijkstra wie minder posityf: “De grondige Friesche taalkenner Harmen Sytstra dweept in der tijd met het denkbeeld, dat op de dorpsscholen in Friesland het onderwijs in de Friesche taal (naast dat van de Hollandsche) zoo al niet verplichtend gesteld, dan toch zoude worden toegelaten en aangemoedigd”. Hy sjocht der neat yn.

It is sokke ynformaasje dy't it boek oantreklik makket om te lêzen, ek foar minsken dy't net direkt by it ûnderwiis belutsen binne. Dat jildt ek foar de typografyske fersoarging en bygelyks foar de fotogalerij efteryn. Dêryn stiet fan in tal minsken dy't fan betsjutting west hawwe foar it twatalich ûnderwiis, in koarte karakteristyk. Foar it grutste part manlju, útsein Jant Visser–Bakker en Wike Louis' Zijlstra. Krine Boelens en Klaas Elzinga iepenje dizze galerij.

Omdat ik sels nei de ULO op de kristlike kweekskoalle yn Drachten telâne kaam, wie ik benijd nei wat Zondag skriuwt oer de kweekskoallen yn it haadstik “Leare en Byleare”. Spitigernôch fûn ik neat oer “myn” kristlike kweekskoalle. It stiet my by dat fierwei it grutste part fan de learlingen Frysktalich wie. Sadwaande folge eltsenien de Fryske lessen fan frou Post-Beuckens. Oan de ein fan it earste jier dienen wy Fryslân diploma A en oan de ein fan it twadde jier Fryslân diploma B. Yn beide jierren waard in soad omtinken jûn oan Fryske literatuer en Fryske skiednis. It heucht my dat frou Post, skriuwster Ypk fan der Fear, yn 1963 by it skoalletoaniel, want dat organisearre se ek, tige grutsk tsjin ús sei dat “De Smearlappen” fan Anne Wadman oan har opdroegen wie. Foar my reden om it sa gau't ik wat jild hie te keapjen. Ien fan myn earste Fryske boeken, kocht op 6 maart 1964.

Dy kweekskoalle fan my mei dan ûntbrekke, Zondag hat in nijsgjirrich en moai boek skreaun. Der is troch de jierren hinne in soad feroare. Doe't Zondag sels as ûnderwizer begûn op de grifformearde skoalle yn Ferwert mei goed fjirtich bern yn de klassen 4 en 5, hienen dy op twa nei it Frysk as memmetaal. De omgongstaal fan de learkrêften wie Frysk, mar yn de klassen wie it Nederlânske de fiertaal. Yn ferliking mei doe is de taalkaart net in soad feroare, fan de 114 learlingen dy't no op dyselde skoalle sitte, is 85% Frysktalich en op it skoalplein wurdt meast Frysk praat. Mar se hawwe by “Op Streek” in taalbeliedsplan. Dêryn is oanjûn dat it in twatalige skoalle is. De beukers meie prate wat se wolle. Yn de groepen 3 en 4 is Frysk de fiertaal foar 40% fan de tiid oant en mei 20% yn de groepen 7 en 8. It liket my ta dat Ferwert yn ferliking mei in soad skoallen in geunstige útsûndering is.

“Lange oanrin” jout yn acht haadstikken in oersjoch fan de ûntjouwingen sûnt it begjin fan de de njoggentjinde ieu oant 1980, mei haadstiktittels as “Fan druk op ‘e molke komt bûter” en “Oer fak en fiertaal”. It lêstneamde haadstik giet oer de perioade tusken 1945 en 1950, dy't sjoen wurde kin as in begjin fan twatalich ûnderwiis. Yn dat grutte haadstik stiet in koart stikje oer it Paedagogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy, dat ûndertusken net mear bestiet, omdat in grut part fan it wurk oernaam is troch de Afûk, de provinsje en it taalsintrum Frysk fan it CEDIN.

Yn “Ark by de rûs” komme de metoaden oan bar, lykas de lêsmetoade mei it lêsrak fan de metoade “Jaap en Lys”. Yn it haadstik “Nei spried en tal” besprekt Zondag de njoggen proefskoallen dy’t yn 1950 as twatalige skoalle útein setten. Op it kaartsje fan side 154 binne de 96 (!) twatalige skoallen oanjûn út de perioade 1950–1970. Dêrnei komme der in tal doarpen oan bar mei nijsgjirrige ynformaasje, lykas de advertinsje fan de skoallen yn Arum en Penjum, waar “het hoofdschap vacant wordt. Wie waagt een kans”. “Master (Tjitte Piebenga) giet fuort”, seinen de bern, mar mei yngong fan 1969 wie de iepenbiere skoalle fan Arum wer ientalich. En sa gie it op in soad plakken, lykas ek Holwert (no is dy skoalle ien fan de foarlûkers foar trijetalich ûnderwiis). Noaten, literatuer en in register fan persoanen en fan saken meitsje it boek ta in ferantwurde en oersichtlike wittenskiplike útjefte. Dat jildt te mear omdat der in summary tafoege is. Bûtenlanners dy’t it Ingelsk behearskje, krije sa in moai oersjoch fan haadsaken en konklúzjes.

De lêste ûntjouwings, lykas de trijetalige skoallen en de Feriening Frysk Underwiis, foelen bûten it tiidsramt dat it boek beskriuwt. Dat is spitich. Sjoen it entûsjasme wêrmei’t dit boek skreaun is, is it Koen Zondag wol tabetroud om dêr ek oer te skriuwen en dan soe er ek neitinke kinne oer de fraach hoe’t wy it Frysk yn it ûnderwiis mear as no in plak jaan kinne. Oan it krewearjen fan de provinsje, ûnder oaren troch de stipe foar de trijetalige skoalle, sil it net lizze. It sil benammen fan de oplieding komme moatte. Ommers, ien de fiif learkrêften hat gjin foech foar it Frysk en neffens my hâldt ek de kennis fan de measte oaren net oer. Dan hie myn eigen Kweek yn Drachten it better foarelkoar. Dêrneist sil it fan de âlden komme moatte. Yn syn haadstik “Ta beslút” stiet dêroer genôch ta neitinken.

Zondag sitearret op side 218 mei ynstimming de wiisgear Michel de Montaigne (1533-1592), dy’t fan betinken wie dat ynkommelingen har oanpasse moatte oan de taal en gewoanten fan de oarspronklike befolking. Yn de praktyk wurket it oars en Zondag konkludearret mei rjocht dat plannen, nota’s en ferhannelingen oer struktueren, dreamen en winsken oangeande eigen foech foar de provinsje ûnmisber binne, mar dat as de wurklike begelieding op skoalle en groepsnivo ûntbrekt, sokke foarnimmens ta neat liede. De posysje fan it Frysk op ‘e skoallen is swak. De skriuwer freget him yn syn Ingelsktalige konklúzjes nochris ôf wat de oarsaken binne. Hat it te krijen mei it feroare talige lânskip? Binne der tefolle oare ûnderwiiskundige ûntjouwingen? Dat mei wichtich wêze, mar eins komt it derop del dat der te folle ûnferskillichheid is en te min wurdearring foar de eigen taal. It giet ek yn de twa- of trijetalige skoallen yn wêzen net om taalkundige faktoaren. It is yn djipste wêzen in saak fan “hearts and minds”. Der binne tefolle minsken dy’t, lykas yn 1816, miene dat “de kinders de vriesch boersche taal van zelfs leeren zonder school te gaan, en ook dat zij, als koopman, handwerksman, schipper of wat van dien aard zij, met de Hollandsche taal zich moeten redden”.

Pier Bergsma

Hurdegaryp